

Men moat leare mei
skea en mei skande

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Netwerk

Met overname praktijken zijn tandartsen niet meer belast met administratieve taken

Pagina 3>



Frouljus PC

Inisjatyfniimmer Jan Suierveld fynt it net dreech om op te hâlden as seremoanjemaster

Pagina 5>



Freule

Jongespartoer fan Winsum soarget yn finale foar sensaasje en wint fan Berltsum

Pagina 7>

In heale ieu smidswurk foar Hendrik fan Van Wieren

Wommels – Plannen om op te hâlden binne der noch net. „Ik gean troch salang as it kin.“ Hendrik Baarda ferwiist graach nei syn eardere baas Gerard van Wieren, dy't al fier oer de tachtich wie foardat hy oanjoech der mei op te hâlden. Hendrik (65) naam doe de saak oer.

Troch Hinne Bokma

Op 7 july wie it fyftich jier lyn dat Hendrik Baarda foar de earste kear troch de smidsdoar van de Firma D. van Wieren aan de Terp yn Wommels stapte. No is er eigen baas, yn 2006 hat er it bedriuw fan Gerard van Wieren oernaam. De smederij is yn 1913 oprjochte troch Doekele van Wieren en hat altiten syn namme holden.

Famylje

„As ik oer Hendrik Baarda begin dan witte se net wa't dat is.“ Earder wie it Hendrik fan de smid en letter waard it Hendrik fan Van Wieren. „Ik hearde by de famylje. Ik krike ek in plakje yn it rychje tusken de bern fan Gerard en Baukje van Wieren“, fertelt Hendrik. Hendrik, hikke en tein yn Lollum, dêrt er aan de Hizzaarderlaan noch altiten yn syn berte hûs wennen, gong nei de legere skoalle nei de ambachtsskoalle yn Boalsert. „Skoalle regele yn it ferline wurkplakken en sa bin ik by Van Wieren kaam.“ Op 7 july 1969 hie er syn earste offisjele wurkdei. It wie de tiid dat doarpssmid Van



Hendrik Baarda: 'De âlde smidderij is in prachtich plakje om te wurkjen. Der is net folle feroare.'

Wieren syn lêste hynders besloech. De meganisaasje yn de lânbo makke hynders op de pleatsen oerstallich. Ein jierren sechstich makken de koalen plak foar ierdgas en mei it oansluten fan de kachels op de gasliedingen krigen

de smidderijen it hieltien drokker. „Wy wiene yn Wommels de iennige, dy't gasliedingen yn de wenningen oanlei“, fertelt Hendrik. Letter kaam de sintrale ferwaarming. „Doe hiene it wy wer drok.“

It wurk hat him yn de rin fan de jierren ferlein. It ynstallaasjewurk hat in grutter plakje ynnaam. „Wy hawwe no fan alles by't ein. It kin in dreech putsje ûnder de flier wêze of it meitsjen fan in moai skoartienboerd.“ De klanten

komme allang net mear allinne út de omkriten, mar se wenje yn de hiele regio. It bedriuw is noch altiten festige op it plak, dêrt Doekele van Wieren yn 1913 begûn. „Wy binne noch de iennige fan de âlde garde aan de Terp yn Wommels. De oaren binne allegearre opholden.“

Smidsfjoer

De âlde smidderij aan de Terp is in prachtich plakje, dêrt foar Hendrik hiel wat moaie herinneringen lizze. Hy hat noch mei it izer yn it fjoer stien en mei de hammer op it hite izer slein. Healwei de jierren santich ferdwûn it smidsfjoer. Der binne noch in pear bûchizers fan fyftich jier werom. „Dér warkje ik noch mei. Ek is der noch in âlde soldeerflesse.“ It jubileum fan Hendrik Baarda is oant no ta net fierd. „Op 7 july wie ik yn Reahûs aan it wurk en wie der gjin tiid om feest te fierien“ Altiten is er oan it wurk. Tiid foar in frije dei of fakânsje is der net. „Wy geane wol ris in pear dagen nei in sweager yn Denemarken, mar dan bin ik dêr oan it wurk.“ Fansels is der neist it wurk tiid foar oare saken. Biljerte yn Lollum, sjonge by shantykoar Sterk Spul, keatse en rinne. Fjouwer kear hat er meiden oan de Slachtemaraton. Twâ kear op klompen. „Op echte Scherjontjes, ik ha se noch, ik rin der noch op.“ Mar it is net it doel dat Hendrik yn 2020 oan de Slachte meidocht.

Mantgumers ontwikkelen plan voor bouw van woningen

Mantgum – De laatste uitbreiding van Mantgum dateert alweer van vijftien jaar geleden en de gemeente Leeuwarden heeft ook geen plannen om in het dorp huizen te bouwen. Mantgum behoort in de gemeente namelijk niet tot de zogenaamde groeikernen en valt bij de verdeling van nieuwe huizen buiten de boot. Daarom heeft een aantal inwoners van Mantgum een plan ontwikkeld voor acht tot twaalf woningen. De inwoners hebben zich verenigd in Collectief Particulier

Opdrachtgeverschap (CPO Mantgum 2.0). Het gaat om een vorm van sociale projectontwikkeling waarbij de toekomstige bewoners samenwerken aan het realiseren van de woonwijk. Gezamenlijk wordt gekeken naar de inrichting van de woonomgeving. Het plan is nog in de beginfase van de projectontwikkeling en wordt momenteel op haalbaarheid onderzocht. Met CPO Mantgum 2.0 wordt een tweede poging gedaan om de woningbouw in Mantgum uit het slop te halen. Enkele jaren

geleden is er een Collectief Particulier Opdrachtgeverschap opgestart, maar dit initiatief leidde niet tot concrete planontwikkeling. Elmer de Wit, Arjen Klaversma, Rein Veenstra en Tjepko Jansen vormen het bestuur van CPO Mantgum 2.0.

Landschapsbeheer

De gemeente Leeuwarden biedt wel ruimte aan initiatieven zoals een CPO en verleent ondersteuning bij de uitwerking. Bij de planontwikkeling wordt verder samengewerkt

met Landschapsbeheer. Het Iepen Mienskipsfûns heeft een subsidie toegekend ter ondersteuning en waardering voor het initiatief.

Leeuwarden heeft inmiddels een concreet plangebied aangewezen. Het gaat om een gemeentelijke kavel van anderhalve hectare aan de rand van het dorp. De kavel ligt ten oosten van het sportveld en de Wjukken. De nieuwe straat kan mogelijk bestaan uit acht tot maximaal twaalf kavels met verschillende woningtypes, zoals twee-onder-één-kap,

seniorenwoningen, starters- of vrijstaande woningen.

De huizen worden energieneutraal (gasloos). De initiatiefnemers willen in de straat een samenhangend beeld creëren, woningen die bij elkaar horen. Het huidige landschap dient als basis voor de verkaveling, waterhuishouding en ontsluiting van de dorpsuitbreiding in Mantgum. In het plan is ruimte voor natuurontwikkeling en openbaar groen. Daarbij wordt gedacht aan een boomgaard of een bijenlint.

Tel: 0515 - 413372

ALLICHT

- Verlichting
- Lichtadvies
- Onderdelen
- Elektronica

www.allichtverlichting.nl

www.allichtelektro.nl

Oudkerkhof 6 • 8601 EE - Sneek

Greidhoeke FESTIVÄL

'Bob is dea, lere 'Bob!'

Sneon
7 september '19

Tsjek de bylage yn disse Op 'e Skille

**Timmer- & Aannemersbedrijf
van Ruiten**

OKK STALLING MOGELUK

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

twitter

Volg Op 'e Skille via Twitter @hinnebokma